

Sjongers socht foar Voices of Europe 2011

Dizze simmer sil Voices of Europe plak fine yn Fryslân.

Dit is in **sjongwike** foar jongerein út minderheidstaalgebieten fan Europa.

Der silte bygelyks jongeren komme út Dútslân (Sorben), Poalen (Kasjoeben), Ruslân en Hongarije (fan de dútsktalige minderheid dêr).

Der sil songen wurde yn alle talen dy't fertsjinwurdige binne.

Oan it ein fan de wike silte der trije konserten jûn wurde, yn Ljouwert, Snits en Ingelum.

De organisaasje fan Voices of Europe 2011 is yn hannen fan it FYK, de jongereinferiening Frysk Ynternasjonaal Kontakt.

Der sil in soad repetearde wurde, ûnder lieding fan in profesjonele dirigint, ôfkomstich út Ierlân.

Neist de repetysjes bliuwt der noch genôch tiid oer foar in **soad wille en ûntspanning**.

It FYK siket jonge Fryske sjongers (m/f) dy't graach meidwaan wolle oan dizze ynternasjonale sjongwike!

Wêr en wat yn 't koart:

Wat: Voices of Europe 2011, in wike lang sjonge mei in Europees koar

Wêr: Ingelum (krekt boppe Ljouwert)

Wannear: 3 oant en mei 10 july 2011

Foar wa ornearre: foar elts dy't graach sjongt en it ek aardich kin!

Hoechst net perfoarst fan blêd sjonge te kinnen, mar it tempo leit heech, dus wat koarûnderfining kin seker gjin kwea. Bisto tusken de 16 en 30 jier âld en nijsgjirrich wurden nei dizze sjongwike? Mail dan efkes nei voicesofeurope2011@gmail.com.


Hjir kinst ek nei it digitale oanmeldformulier freegje. De organisaasje krijt jim oanmelding graach foar **20 maaie** binnen.

Kosten fan dielname lizze op € 50,00..

At der mear opjeften binnen komme as dat der plakken binne sil de organisaasje in seleksje fan dielnimmers meitsje.

Neist sjongers sykje wy ek in kombo: **wy sykje in drummer, in bassist en in gitarist** om mei te dwaan by de konserten en inkele repetysjes. Hjir stiet in fergoeding tsjinoer. Liket dit jim wat ta, mail dan nei ús!

Voices of Europe wurdt mooglik makke troch:



En troch de gemeente Menameradiel, de gemeente Ljouwert, it Old Burger Weeshuis te Ljouwert en it Eringa-Lijs fûns.